

PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK

15 novimber 2016

De flecht nei it ljocht

Fryslân DOK op snein 27 novimber

Jentsje Popma (95) fertsjinne nei de oarloch syn brea mei it meitsjen fan monumintale keunstwurken. Dy keunstwurken binne rûnom yn de provinsje en fier derbûten te finen. Letter besleat hy it Fryske lânskip fêst te lizzen, om't er seach dat dat feroare troch klimaatynfloeden, minsklik yngripen en de meganisaasje fan de lânbou.

Jentsje Popma skilderet net mear. It fersoargjen fan syn frou frege de lêste jierren al syn krêft en oandacht. Ferline jier skonk er al syn wurk én syn atelier oan de stichting Nijkleaster fan Jorwert. Yn syn lêste rige skilderijen ûndersocht er it langjen om út it libben te ferdwinen; de flecht nei it ljocht.

Syn bewûnderders pleitsje foar in oersjochsútstalling yn it Fries Museum. It bruit Popma sels minder, hy freget him ôf oft hy goed en sinfol wurk makke hat.

*"In fleurige ûnheilsprofeet", neffens skilder Klaas Werumeus Buning.
"In sjamaan", seit freon en skilder Piter Torensma.*

Fryslân DOK: De flecht nei it ljocht

Snein 27 novimber fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 26 novimber om 15.30 oere en snein 27 november om 13.05 oere op NPO 2.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK

15 november 2016

De flecht nei it ljocht

Fryslân DOK op zondag 27 november

Jentsje Popma (95) verdiende na de oorlog zijn boterham met het maken van monumentale kunstwerken. Deze kunstwerken zijn door de hele provincie en ver daarbuiten te vinden. Later besloot hij het Friese landschap vast te leggen, omdat hij zag dat dat veranderde door klimaatinvloeden, menselijk ingrijpen en de mechanisatie van de landbouw.

Jentsje Popma schildert niet meer. Het verzorgen van zijn vrouw vroeg de laatste jaren al zijn kracht en aandacht. Vorig jaar schonk hij al zijn werk én zijn atelier aan de stichting Nijkleaster uit Jorwert. In zijn laatste serie schilderijen onderzocht hij het verlangen om uit het leven te verdwijnen; de vlucht naar het licht.

Zijn bewonderaars pleiten voor een overzichtstentoonstelling in het Fries Museum. Popma zelf boeit het minder, hij vraagt zich af of hij goed en zinvol werk heeft gemaakt.

*"Een vrolijke onheilsprofeet", volgens schilder Klaas Werumeus Buning.
"Een sjamaan", zegt vriend en schilder Piter Torensma.*

Fryslân DOK: De flecht nei it ljocht (De vlucht naar het licht)

Zondag 27 november vanaf 17.00 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 26 november om 15.30 uur en zondag 27 november om 13.05 uur op NPO 2.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.